

Dorpscanon van Folsgeare

De pastorij fan Folsgeare




Foto: Tresoar

De pastorij fan Folsgeare

De pastorij fan Folsgeare hat stien op it pôltsje tsjin de tsjerke oer, in stikje lân fan fjouwer pûnsmiet lyk as stiet beskreaun yn it Charterboek fan 1543.

De pastorij pleats mei 55 pûnsmiet wurdt troch de pastoar ferhied en fan de pachtjilden dy't de boeren oan him betelje kin hy himsels ûnderhâlde.

Op 31 maart 1580 wurdt troch de Steaten fan Fryslân de iepenbiere útoefening fan 'e katolike godstsjinst ferbean. (Reformaasje) De ynwenners fan Folsgeare komme, om sa te sizzen, moarns as katolyk fan't bêd en geane jûns as protestant wer op bêd.

De tsjerkfâden sitte no lykwols al mei in swierrichheid. De pastoars meie harren amt net mear útoefenje en wurde wurkleas. Tagelyk ûntstiet der in grut tekoart oan dûmnys.

De oplossing wurdt socht yn it byelkoar foegjen fan meardere doarpen ûnder ien dûmny. Sa geane yn 1580 de doarpen Easthim, Abbegea, Folsgeare, Wolsum en Westhim byinoar. Yn 1607 is der wat minder in tekoart oan dûmnys en geane Wolsum en Westhim op harren sels fierder.

Easthim, Abbegea en Folsgeare binne oant hjoed de dei noch altyd tsjerklik meielkoar ferbûn.

Dorpscanon van Folsgeare

De pastorij fan Folsgeare

De earste dûmny dy't him hjir fêstiget is Gilles Cappellemann en hy wennet om bar yn in oar doarp. It pastoarshûs wurdt pastorij en de pastoars pleats wurdt no pastorij pleats neamd.

De opfolger fan Gilles Cappellemann is Gerardus Cleibeker en hy kiest yn syn amtsperioade fan 'e doarpen Easthim, Abbegea en Folsgeare foar it doarp Easthim as fêst wenplak. Dat Easthim in rike gemeente is yn tsjinstelling ta Folsgeare, sil grif meispile ha.

Utjûn troch de Steaten fan Fryslân:

Art. 1: Int eerste ende voor all alle priesters ende andere geestelycke personen zoe mans als vrouwenpersonen zullen affhouden van alle pausselycke gewoenlycke ceremonien, diensten ende oeck haere predicationen, zoe well int heymelick als openbaer, by verbeurte van haere pensioen ende voorts arbitralycken gecorrigeert te worden.

Net alle pastoars hâlde harren krekt oan dit artikel 1. Sa ferlit pastoar Dominiscus it doarp Easterein mei in pensioen, mar giet temûk fierder mei thúsgearkomsten. Salang't út it sicht is en net opfalt, knipe de Steaten in eachje ticht. Nei de bou fan twa skûltsjerken wurdt der yn 1709 in tredde skûltsjerke boud mei reade dakpannen op 'e Alde Pôlle by Sânlean. Hjir ûntstiet yn 'e rin fan 'e jierren in buorskip. Yn 1955 wurdt dit offisjeel in doarp mei de namme Reahûs.

De Folsgeasters dy't katolyk bleaun binne, geane hjir nei tsjerke.

Katoliken en protestanten wenje yn Folsgeare harmonieus nêst elkoar.

Art. 8. Dat de proffytten ende opcompsten van die voorscreven leenguederen zullen worden geconverteert ende gekeert tot onderhoudinge van eerlycke ende deegelycke predicanten, schoelmeesters ende alimentatien ende onderhoudenisse van den nootdruftigen ende ad alias pias causas sonder dat de zelvige in privatum et secularem usum zullen worden gedistribueert.

Yn art. 8 konfiskearje de Steaten fan Fryslân alle kleasterbesittingen en goed. Dit tsjerkegoed wurdt boppedat beheard troch de Fryske Steaten. Mei de opbringst wurde tal fan saken betelle.

De Steaten fan Fryslân witte krekt wat is besit fan 'e tsjerken en kleasters is, want it is allegearre opskreaun yn 'e Charter boeken. Dizze boeken binne yn 1543 gearstald op befehl fan 'e lânfâdesse Maria fan Hongarije. It binne registers mei detaillearre ynformaasje oer de grutte, wearde en jierlikse opbringst fan it geastlike goed en it kapitaal fan 'e Fryske parochysjerken, harren bestjinners en alle oare geastlike ynstellingen, preesters en klearussen dy't deroan ferbûn wiene.

Dorpscanon van Folsgeare


De pastorij fan Folsgeare

Foar Folsgeare sammelje de tsjerkfâden Homme Bockez en Broer Aetezoon de winske ynformaasje. Neffens harren opjêfte bestiet it goed fan'e beskermhillige of patroanhillige (ek koartwei patroan neamd) fan'e tsjerke yn Folsgeare, hillige martelder Laurentius, út fjouwer pûnsmiet grûn, lizzende mei de súdkant oan it tsjerkhôf en oan'e noardkant oan Goffe Pierszn lân:

Het poltsje, vier pondematen groot, waar het huissteed van de pastoor op staat.

Fierder noch in stik fan trije en twa pûnsmiet, lizzend yn en by de Keallehey ('kale heide' wurdt in de boeken 'keale heide' en dêrnei Keallehey) Dizze stikken lizze noard en súd fan'e Ald Rien en binne mei elkoar ferbûn middels in set. Dit is de Keallehey set wurden. (sjoch kaartsje)

Dit patroansgoed wurdt brûkt foar it ûnderhâld fan'e tsjerke.



- A – Keallehey noard
- B – Keallehey súd
- C – Keallehey set

Yn 1612 dogge de tsjerkfâden in fersyk ta bydrage foar reparaasje fan'e preekstoel en'e tsjerkebanken en krije 18 gûne. Fedde Ypckes en Paulus Jacobs tsjinje yn 1643 in oanfraach yn foar reparaasje fan'e tsjerke. Dit wurdt honorearre mei 200 gûne.

Neidat de dûmny Easthim as fêst stânplak hat, wurdt de pastorij net mear as wente foar de dûmny brûkt. De pastorij wurdt in multyfunksjoneel sintrum: der wurde keamers ferhierd, de jierlikse rekkendei wurdt der holden, der binne gearkomsten en it gebou wurdt brûkt as skoalle.

Dizze rekkendei is de dei dat de grytman en syn sekretaris mei de tsjerkfâden de yn- en útgaven fan'e tsjerke skôgje. By dizze dei heart in oerdiedich miel en in soad bier en sigaren.

Dorpscanon van Folsgeare

De pastorij fan Folsgeare

It tsjerke argyf fan Folsgeare begjint yn 1685 en dan is Douwe Douwes skoalmaster. Douwe Douwes wurdt yn 1686 opfolge troch master Hille Taconidus dy't hjir oant 1720 bliuwe sil.

Yn 1701 wurdt de âlde pastorij ôfbrutsen. De stiennen, it hout en oare materialen wurde ferkocht en it pôltsje wurdt ferhierd.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto: Tresoar

Disclaimer: Voor alle foto's geldt, dat er zorgvuldig is uitgezocht wie de eigenaar is en is toestemming gevraagd en gekregen voor gebruik in dit venster. Vensters over personen zijn geplaatst na feedback met betrokkene. Mocht er desondanks iets niet correct zijn, gelieve de redactie te informeren.